

Ferslach ekspedysje Groppesnufers 2011

It wie sa as alle jierren dat we fol goede moed earst in streksum miel ieten by ús teamcaptain. Nei in deugdlike stampot andyvje klaaiden wy ús om en koene we de kant út fan it wiete Bakkefean.

Yn Bakkefean oankommen wie it foar ús ek foar it earst dat we justjes better op tiid wiene as oars. Dat wy hiene goed in oere en rêd ús ta. Dat, en it feit dat we allegearre troch de wol farve Wampex'ers wiene, makke ús yn it foar al in gefaarlike outsider foar in goed resultaat. It iennichste neidiel wie dat wy allegearre net sa sjarmearre wiene fan al dat reinwetter.

It begin wie alderaadichst. De wetteropdrachten giene as de brânwacht en al rillegau hiene wy in stikmannich teams ynhelle en leine wy moai op it skema dat wy ússels steld hiene. De toubrêgen en wat mear giene wy as follearde kommando's oer. De klokkerûte gie net sasear mis, mar dêr ferlearen wy in bytsje tiid om't we dêr net krekt by de tiid wiene. Dêrnei wêr troch. It folgjende obstakel kaam doe't wy by fersin de konserveblikken al mist hiene en al sa goed as de bosk útwiene.

Sa as sein it gie as spoar. Allinnich wie der ien ûnfoarsjoen puntsje, doe't ien fan de Groppesnufers heechstwiarskynlik krekt wat mei tefolle entûsjasme it bungee-flot opdûkte en himsels dêrnei kopke ûnder sjen seach. De rest fan de groep moast hurd laitsje wêrtroch it al mei al wol goed wie foar de moraal. De swimmer moast derút want droege klean leine yn de auto. De rest fan de groep ferfolge kreas op skema de tocht en rûn it krekt boppe de njoggen oeren út!

Mei freonlike groet,

Zonnehoedje

Út namme fan de Groppesnufers